



Sykje jo in pjutte-opfang, dei-opfang, bûtenskoalske opfang of in gastâlder by jo yn 'e buert?

Sjoch dan op it Lannelik Register Berne-opfang (LRK) www.landelijkregisterkinderopvang.nl en sykje op gemeente De Fryske Marren. Hjir fine jo alle organisaasjes dy 't foldogge oan de Wet op de Kinderopvang.

Wêr fyn ik opfang foar myn bern?

Mear witte?

Stel jo fragen by in pjutte/berne-opfang, konsultaasjeburo of sjoch op de webside fan de gemeente.

GGD Fryslân (Konsultaasjeburo)

Telefoan 088 – 22 99 444
www.ggdfryslan.nl

Berne-opfanglokaasjes

www.landelijkregisterkinderopvang.nl

Belestingsjinst

Telefoan 0800 - 0543 (fergees)
www.belastingdienst.nl/toeslagen

Gemeente De Fryske Marren

Telefoan: 14 05 14
www.defryskemarren/kinderopvang
info@defryskemarren.nl



DE FRYSKE MARREN



DE FRYSKE MARREN

OPFANG FOAR JO BERN

It meielkoar boartsjen is goed foar de ûntwikkeling fan jo bern. It kriget dan yn de gaten dat se elkoar helpe kinne. Dit binne de earste stapkes rjochting freonskip. Op de opfang kin jo bern boartsje mei leeftidsgenoatsjes. Jo bern leart dan ek om te gean mei oare bern, rekken te hâlden mei in oar, op syn beurt te wachtsjen en gear te wurkjen. Der binne ferskillende mooglikheden foar berne-opfang.

Dei-opfang en bûtenskoalske opfang

Dit is opfang fan jo bern wylst jo bygelyks oan it wurk binne of in oplieding folgje. Dat kin ûnder skoaltiid (dei-opfang), mar ek foar en nei skoaltiid (bûtenskoalske opfang). Berne-opfang en bûtenskoalske opfang is foar bern fan 0 jier ôf oant it fuortset ûnderwiis.

Wêr kin ik telâne?

- **Berne-opfangorganisaasje**
 - de opfang is op in lokaasje by jo yn 'e buurt
 - de bern wurde begelaat troch pedagogysk meiwurkers
- **Gastâlden**
 - de opfang is lytsskalich
 - de opfang fynt by de gastâlder thús plak
 - de gastâlden binne oansletten by in gastâldburo

Wat kostet berne-opfang?

De kosten binne foar elkenien ferskillend. Dit is ôfhinklik fan:

1. **De priis dy 't in berne-opfangorganisaasje freget:**
 - berne-opfangorganisaasjes bepale alle jierren harren priis yn 'e oere.
2. **It part dat de oerheid fergoedet:**
 - Allinnichsteande âlden of âlden dy 't beide wurkje, studearje, in trajekt nei wurk of in ferplichte ynboargeringstrajekt folgje, hawwe rjocht op berne-opfangtaslach. Hoefolle oft dat is, hinget ôf fan jo ynkommen.
 - Wolle jo witte oft jo berne-opfangtaslach krije kinne? En hoefolle? Gean dan nei www.belastingdienst.nl en meitsje in proefberekening.
3. **Eigen bydrage:**
 - Alden betelje altyd in eigen bydrage. De eigen bydrage binne de kosten dy't oerbliuwe, nei it ôflûken fan de berne-opfangtaslach.
 - Untfange jo in útkearing en folgje jo (beide) in re-yntegraasjetrajekt of folgje jo (beide) in ferplichte ynboargeringstrajekt? Dan kinne jo foar dizze eigen bydrage mooglik in temjittekomming fan de gemeente krije. Sjoch foar de mooglikheden en it oanfraachformulier op: www.defryskemarren.nl/kinderopvang.



Pjutte-opfang

As jo bern 2 jier wurdt, dan is it in pjut. Jo pjut mei dan 2 deidielen yn 'e wike nei de pjutte-opfang. Dêr boartet jo bern mei leeftidsgenoatsjes tusken de 2 en 4 jier én wurdt taret op de basisskoalle.

Wêr kin ik telâne?

- **Pjutte/berne-opfangorganisaasjes**
 - de opfang is op in lokaasje by jo yn 'e buurt
 - de bern wurde begelaat troch pedagogysk meiwurkers

Wat kostet pjutte-opfang?

De kosten foar pjutte-opfang binne foar âlden dy 't rjocht hawwe op berne-opfangtaslach gelyk oan dy fan de berne-opfang.

As jo net yn 'e beneaming komme foar berne-opfangtaslach, dan wurdt de pjutte-opfang foar maksimaal 2 deidielen yn 'e wike fergoede troch de gemeente. Jo betelje in eigen bydrage, ôfhinklik fan jo ynkommen.

Sosjaal Medyske Yndikaasje (SMY)

Yn bysûndere situaasjes mei sosjale, psychyske of medyske redenen kinne jo mooglik yn oanmerking komme foar in temjittekomming út de gemeente wei. Dat is mooglik oant jo bern nei it fuortset ûnderwiis giet

Foar mear ynformaasje oer SMY, sjoch op de webside of nim kontakt op mei it Sosjaal Wykteam Jongerein en Gesin.



VVE - ekstra (taal)stipe

VVE is de ôfkoarting fan Voor- en Vroegschoolse Educatie: in programma foar bern fan 2 -4 jier en bern fan 4 -6 jier. Der is in soad omtinken foar boartsjen mei oare bern en foar it yn 'e kunde kommen mei taal en nije wurden.

Wêr is dizze ekstra (taal)stipe foar?

It is de bedoeling dat alle bern in goede start meitsje kinne op de basisskoalle. Foar in soad bern is it goed om hjir in ekstra steuntsje by te krijen. As dit ek wichtich is foar jo bern, hearre jo dit op it konsultaasjeburo. Jo bern krijt dan in VVE-yndikaasje.

Mei in VVE-yndikaasje is der mear tiid om te boartsjen en te learen omdat jo bern 4 deidielen nei de pjutte-opfang giet. Jo as âlder wurde ek belutsen by de ûntwikkeling fan jo bern.

Wêr kin ik telâne?

Freegje dat nei by it konsultaasjeburo of jo pjutte / berne-opfang. Net elke pjutte / berne-opfanglokaasje biedt VVE oan.

Is de lokaasje dy't jo op it each hawwe net in VVE-lokaasje? Dan kinne jo mei it konsultaasjeburo of de pjutte / berne-opfang fan jo foarkar, yn oerlis om in oplossing te finen.

Wat kostet dizze ekstra (taal)stipe?

De twa ekstra deidielen binne mei yngong fan 1 jannewaris 2023 fergees.

